

## TEKST 1 REBOELJE BESJONGT DE WRÂLD FAN BOELE BREGMAN

- 1 Blau Paradys is de nije produksje fan de band Reboelje. It is in muzikaal teaterprogramma dat de besikers yn oardel oere meinimt nei de wrâld fan de keunstskilder Boele Bregman. Reboelje doart it oan en lis de latte noch wer even heger. "Wat hy fertelle woe, dat besykje wy te ferklanken", seit Tsjerk Bootsma fan Reboelje.
- 2 5 Reboelje bestiet al fyftjin jier en hat noch altyd deselde besetting: Tsjerk Bootsma, Tiede Lanting, Rommert Reitsma, Marius de Boer en Durk Hogendorp. Tsjerk Bootsma draacht muzikaal aardich by oan 't gehiel. Hy komponearret, sjongt, is in baas op 'e bas en blaast syn partij mei op ferskillende ynstruminten. De eigner fan Hotel Kafee De Stiennen Man yn Surch is noch altyd like optein oer Reboelje.
- 10 Tsjerk: "It is alderearst in freoneploech en it begjint hast wat op in houlik te lykjen. Ja, 't is in part fan ús libben dêr't wy net sûnder kinne."
- 3 Reboelje hat altyd in apart en eigensinnich lûd hân. Dêrneist wie op it toaniel by de optredens faak in protte te belibjen en waard it tema bygelyks ferbylde troch it dragen fan spesjale klean. De band hat yn 'e rin fan 'e jierren in grutte groep fêste fans krigen dy't hieltyd op 'e nij meisleapt
- 15 wurdt troch it soms sa mysterieuze lûd fan de band. "Wy ha altyd in muzykstyl hân dy't dreech te omskriuwen wie. Wy wiene net maklik yn in hokje te pleatsen en dat is no noch sa. Wy wolle net graach ferlike wurde mei in oare band en besykje hieltyd de grinzen te ferlizzen. In dúdlik foarbyld wie it projekt De Brulloft dat wy fiif jier ferlyn brocht ha." It totaalteaterstik luts sealen fol minsken dy't mei lof sprutsen oer 'it ferhaal' dat Reboelje brocht.
- 4 20 Blau Paradys is de folgjende stap fan Reboelje. It is in teatrale muzikale eksposysje oer de wrâld fan keunstskilder Boele Bregman, dy't libbe fan 1918 oan 1981. De titel is ûntliend oan de titel fan ien fan syn skilderijen. Bandler Durk Hogendorp, dy't sels ek skilderet, waard rekke troch syn wurk en kaam mei it idee op 'e proppen.
- Tsjerk: "De sfear fan de skilderijen past hiel goed by de sfear dy't wy faak yn de muzyk lizze. Wy
- 25 ha der hiel wat oer fergadere hoe't dat syn foarm krije moast. En op in stuit moastst dan beslute watst sels dwaan kinst en watst útbesteegje wolst. Sa ha wy besletten om foar it skriuwen fan de teksten Baukje Wytsma te freegjen. Dan krijst wer ris wat oare ynfalshoeken. En wy ha regisseur Piter Stellingwerf frege foar de teatrale ynfolling. Marius de Boer en ik ha de muzyk makke en der sit ek in nûmer fan Durk by. Mar ast der dan mei oan 'e slach giest yn 'e oefenromte, draacht elk
- 30 by oan 't gehiel fansels."
- 5 Stadichwei waarden de ideeën ta ien gehiel brocht. De útfiering sil foarme wurde út film, teater, byldzjende keunst, poëzij en muzyk. En it publyk stiet midden yn it dekor, de bylden wurde op seis meter hege wanden om har hinne projektarre.
- "It sil net gean oer it libben fan Boele Bregman, mar oer Bregman as skepper fan syn skilderijen. It
- 35 gefoel dat er dêrmei opropt, wat er fertelle woe, dat besykje wy te ferklankjen. En neist de teksten fan Baukje Wytsma brûke wy ek teksten fan himsels. In gedicht en in brief dy't er skreaun hat, komme ek yn it programma werom."
- Boele Bregman stiet net bekend as ien fan 'e fleurichsten. Hy gie faak op 'e flecht foar de realiteit fan it deistich bestean en syn skilderijen litte faak gefoelens sjen fan iensumens, eangst, lilkens en
- 40 ûnmacht. Dochs tinkt Tsjerk Bootsma net dat it in 'swier' stik wurdt. "Nee, der is yn 'e muzyk genôch fariaasje en de teksten binne ek licht bleaun. Mar it is poëtysk en de minsken krije it net op in boardsje. Nee, dêrmei is it net foar in selektarre publyk, ik tink dat it jong en âld oansprekke sil. Miskien sil de iene der mear oan belibje as de oare, mar it sil flink wat oproppe, dêr bin ik wis fan."
- 6 Reboelje is in bedriuw wurden. De ploech doart it ek oan om yn opdracht te wurkjen. Sa waard
- 45 ferline jier yn opdracht fan de gemeente Wûnseradiel in sjongstik makke fan tsien nûmers en opfierd by de iepening fan it nije gemeentehûs. De CD Wûnslân dy't dêr foar produsearre waard, brûkt de gemeente no as relaasjegeskink. Mar De Brulloft wie oant no ta de grutste produksje, ek finansjeel sjoen. "As bandleiden ha wy dêr neat oan oerholden. Dat wie net sa slim, mar dat moat no eins wat oars. Wy ha allegear in dei ynlevere op 'e besteande baan om sa'n teaterstik meitsje
- 50 te kinnen. Dy dei wolle wy eins ek werom fertsjinje. Wy drage ek it finânsjele risiko."

- 7 Dat risiko wurdt wat fersêfte no't al tsien jûnen fan Blau Paradys ferkocht binne oan besteande teaters en sealen. De premiêre is op 7 oktober yn it Tryatergebou yn Ljouwert en dêrnei wurdt it muzykstik opfierd yn Frjentsjer, Wommels en Dokkum, om úteinlik op 7 desimber wer yn Ljouwert yn De Harmonie te einigjen. "Op de measte plakken spylje wy gelokkich twa jûnen, want it is in hiel  
55 wurk om alles op te bouwen, ôf te brekken en te ferfieren. Dêrom spylje wy it stik ek net in heal jier efterinoar. Wy besykje it kompakt te hâlden, mar fansels kinne ek oare sealen it programma noch keapje. It soe miskien ek hiel geskikt wêze as skoalfoarstelling foar de boppebou fan it fuortset ûnderwiis." Fan de nije teaterproduksje sil in CD makke wurde en fansels: nei ôfrin fan de foarstelling is de CD te keap.

*nei in artikel fan Jelle Bangma yn Boek, Frysk tematydskrift nr. 1, septimber 2002*

## TEKST 2 DE AMBYSJE FAN THREE-ALITY

- 1 Tsien jier lyn learden se elkoar kennen op in bernekoar fan de Ljouwerter Muzykskoalle: de suskes Femke (17) en Sanne Hoeksma (16) en Marieke Meijer (17) fan de meidengroep Three-ality út Ljouwert. Yn jannewaris fan it jier 2002 waarden sy winners fan de Fryske soundmixshow, dêrnei fan Liet 2002 en fan it streeksongfestival yn Hengelo. Se hawwe ûnderwilens al op 'e
- 5 planken stien mei Piter Wilkens, De Kast, Reboelje en Anneke Douma. "It giet ús om kwaliteit, wy wolle it bêste út ússels helje," sizze de froulju.
- 2 "Wy sille jûn noch nei in feest, dêrom binne wy sa opdoft," leit Sanne út as ik de froulju fan Three-ality moetsje foar in petear. Foar my oer sitte trije fan kop ta tean fersoarge jonge fammen, fol fan takomstplannen. De dei dêrfoar is harren earste single útkaam mei it liet 'Fûgelfrij' fan
- 10 Rhody Mathijs, it nûmer dêr't sy Liet 2002 mei wûn hawwe. "Wy wiene sa grutsk as in hoanne en hawwe it fierd mei in flesse sjampanje," glunderet Femke. "It wie ek sa leuk om te dwaan, wy hawwe ôfgrysliek wille hân."
- 3 Sa'n acht jier lyn begûn it trijetal mei optredens op in frijmerk op Keninginnedei. De froulju wurken doe al mei oan musicals en konserten dêr 't se geregeldwei solo's by songen. "Oan 'e ein
- 15 fan Keninginnedei hiene wy trijehûndertfyftich gûne fertsjinne," fertelt Marieke. "Do witst it sels net ast goed bist," seit Sanne. "Mar omdat elkenien dat sei, tochten we: miskien moatte wy hjir dan dochs mar mei trochgean. Wy binne doe trochgien mei musicals en groeiden hieltyd mear nei inoar ta en rekken hieltyd mear op inoar ynspile." Net nuver dus, dat de froulju net allinnich kollega's binne, mar ek hiele goeie freondinnen. "Sanne en Femke binne fansels suskes," seit
- 20 Marieke. "Dus einliks hearde ik der hielendal net by". Se laket: "Dêrom ha sy besletten om my as suske te adoptearjen. Dan is it teminsten earlik."
- "In hiele protte bands falle útinoar om't se byinoar set binne," tinkt Marieke. "Mar wy hawwe inoar sels fûn en binne meiinoar opgroeid, dat leit dus oars."
- "We hawwe wol ôfpraat om altyd hiel earlik tsjin inoar te wêzen," heakket Femke deroan ta. "Do
- 25 bist hiel yntinsyf meiinoar dwaande en in hiel soad byinoar, wêrtrochst dy maklik oan inoar ergerje kinst."
- Is trije net in lestich getal? "Och," laket Marieke, "Femke en Sanne binne eins ien."
- 4 De earste grutte kriich fan de froulju – doe noch bekend ûnder de namme Flat Out – wie de Fryske Soundmixaward. De earste kear waarden se twadde, de twadde kear earste. Dat wie it
- 30 begjin fan in protte talintejachten mei as bekroaning it winnen fan Liet 2002 en it streeksongfestival yn Hengelo.
- "En no geane wy foar in single mei in eigen nûmer," fertelt Femke beret. "It is ús doel om in hiele CD te meitsjen mei selsmakke nûmers. We hawwe no in liet mei eigen tekst ynstjoerd nei it Nacionaal Songfestival. Fierder wolle wy dêr noch neat oer sizze."
- 5 35 Dat it de froulju net oan ambysje ûntbrekt, mei dúdlik wêze. Foarearst sitte se noch op skoalle. Sanne yn de fjirde fan de Havo, Femke yn de twadde fan Sosjaal Kultureel Wurk en Marieke yn de twadde fan Sosjale Tsjinstferliening. As se klear binne mei harren oplieding, wolle se alle trije neat leaver as harren muzykkarriêre útwreidzje. Femke en Sanne tinke deroer om de popakademy te dwaan. Marieke wol leaver nei de Kleinkunstacademie. "Mar it hinget der fansels fan ôf hoe't it mei
- 40 Three-ality giet. As wy in hiele protte optredens hawwe, is it net ynteressant foar ús om noch in hiele oplieding te dwaan. Dêr hawwe wy dan gjin tiid mear foar."
- 6 No al nimt de band in grut part fan harren tiid yn beslach. Der moatte sjonglessen folge wurde, en dan binne der fansels noch de optredens. "Einliks bist der altyd mei dwaande," seit Femke. "Dan wurdst nachts wekker en dan komt dy ynienen in leuke tekst yn 't sin. Ik ha ek altyd in
- 45 opskriuwboekje en in memorekorder by my."
- 7 In protte tiid foar oare dingen bliuwt der dan ek net oer. "Foar myn freon wie it yn it begjin wol wennen," seit Femke. "Foaral om't ik yn de wykeinen in protte ûnderweis bin foar optredens. Lokkich is hy sels ek drok mei syn karriêre. Hy stiet hielendal efter my, giet altiten mei nei optredens en is hartstikke grutsk."
- 50 Marieke en Sanne binne frijgesel. "Ik ha twaenin heal jier in relaasje hân en myn freon wie der net

oer te sprekken dat ik altiten fuort wie,” seit Marieke. “Hy stelde my op in bepaald momint foar de kar: ik of de band. Doe haw ik sein: dy kar meitsje ik net. Dy band is in stik fan myn libben en heart by my. Ik freegje dy ek net om in kar te meitsjen tusken my en jim mem.”

8 Oant no ta fine de froulju harren libben as muzikant ien grut feest. “Repetearje betsjut foar ús  
55 gewoan in pear oeren sjonge: dat wat wy it leafste dogge dus,” seit Sanne. “En ek fan it meitsjen fan 'e clip en de single hawwe wy ôfgryslík genoaten.”

“Nei in optreden wolst noch mar ien ding en dat is noch in kear,” seit Femke.

Gjin lêst fan senuwen? “Altyd wol in bytsje,” jout Marieke ta. “Mar dat jout ek wol wer adrenaline.”

“Ik bin foaral senuwachtich oer hokker publyk it is en oft alles wol goed organisearre is,” seit

60 Sanne.

“Wy hawwe wolris meimakke dat wy ergens songen en dêr wiene allegearre fan dy Johnny’s en Anita’s as publyk, by wa’t ús muzyk alhiel net yn 'e smaak foel. Sy sieten ús de gek oan te stekken. Wy stiene gewoan foar peal,” fertelt Marieke. “Dy eangst hâldst altyd.”

9 Alhoewol’t se tige grutsk binne op harsels, binne de trije froulju har der goed fan bewust dat  
65 se in soad oan harren âlders te tankjen hawwe. “At dy net hielendal achter ús stiene, ús altiten oeral hinne brochten, ûnderhannelings fierden oer de kontrakten en net te ferjitten ús holpen mei it skriuwen fan teksten, dan wiene wy nea sa fier kommen,” seit Marieke. “Want wat witte wy no fan dy hurde muzykwrâld, wy binne noch sa jong. Meikoarten krije wy in manager. Dan kinne wy ús hielendal rjochtsje op it meitsjen fan ús eigen muzyk. As wy dêr ús wurk fan meitsje kinne,  
70 hawwe wy ús dream wiermakke.”

*nei in artikel fan Margreet Hogeterp yn: Styl, bylage fan de Friesland Post, jannewaris 2003*

## TEKST 3 FRYSKTALIGE DISSERTAASJE WICHTICH FOAR IT FRYSK

- 1 In proefskrift of in dissertaasje is in wittenskiplike stúdzje, dêr't immen mei promovearret ta bygelyks doctor yn 'e Fryske taal en literatuer. Soks bart oan in universiteit. Jant van der Weg skreau sa'n stúdzje oer de Fryske bernepoëzij yn 'e tweintichste ieu. Dat wie noch mar de twadde dissertaasje oer Fryske berneliteratuer dy't yn it Frysk skreaun is. It wie in dreech karwei, mar Jant  
5 van der Weg hat it mei in soad nocht dien.
- 2 Har niget oan berneliteratuer ûntstie yn de tiid dat se foar de klasse stie. "Ik wie fassinearre troch hoe't bern yn in ferhaal opgean kinne, even yn in oare wrâld bedarje. Ik woe sa graach in gefoel foar it moaie fan taal meijaan. De bernejierren binne dêr sa belangryk foar. Dat begjint al by de klanken en it ritme fan it widzeliet. Oan 'e oare kant hat Annie M.G. Schmidt wolris sein: "Er zijn  
10 lees-kinderen en leef-kinderen" en dat is fansels ek sa. Je moatte net sizze: alle bern moatte der aardichheid oan krije. Mar je moatte se wol de kâns jaan."
- 3 De niget is yn 'e rin fan de jierren útgroeid ta in promoasje-ûndersyk. Jant van der Weg giet yn har dissertaasje yn op Fryske bernepoëzij út sa likernôch it tiidrek 1900 oant 1983. Om dêr in goed byld fan te krijen, hat se yn breder perspektyf de ûntjouwings fan de berneliteratuer yn dy perioade  
15 besjoen. Feitliken hat 1846 it begjin west yn de Fryske berneliteratuer, mei Gelukkig Hansje, in troch Harmen Sytstra oerset mearke fan Grimm. Hy joech it frjemdernôch in Hollânske titel mei om bern oer de drompel te heljen dochs Frysk te lêzen.
- 4 "Myn proefskrift begjint yn 1900, of eins yn 1907, om't ik de klam lis op de keppeling tusken berneliteratuer en it ûnderwiis. De earste ûnderwiismaatregel oangeande it Frysk is fan 1907. Doe  
20 joech de provinsje subsydzje foar Fryske les, mar dat mocht allinnich nei skoaltiid. De earste maatregel wie de fertsjinsten fan P. de Clerq, in âld bankier dy't him yn Feanwâlden nei wenjen set hie. De Clerq fûn dat ûnderwiis yn it Frysk in taak wie foar de provinsje."
- 5 "Pas yn 1937 kaam der in wetsferoaring. Der mocht doe ûnder skoaltiid – mar allinnich yn de fyfde en sechsde klassen – lesjûn wurde yn "een streektaal in levend gebruik". Fan 1955 ôf mocht  
25 it yn alle klassen en koene skoallen, as se dat woene, oant en mei de tredde klasse Frysk ek as fiertaal by oare fakken brûke. Der wiene fan de 530 skoallen út dy tiid aardich wat skoallen dy't dat besochten; begjin jierren santich stabilisearre dat tal him ta om en-de-by de 70. Sûnt 1980 is Frysk in ferplichte fak en mei it yn alle klassen by bepaalde fakken as fiertaal brûkt wurde. Skoallen kinne it no fierhinne sels ynfolje."
- 6 30 "De bân tusken Fryske berneliteratuer en it ûnderwiis wie ynearsten hiel sterk. Der wie noch net safolle berneliteratuer yn it Frysk. Dat woene ûnderwizers wat mei it Frysk, dan moasten se it by wize fan sprekken sels earst skriuwe. Foar 1950 spilet dat ferlet fan lêsliteratuer in grutte rol. Yn dyselde tiid is de bân mei de Fryske Beweging ek hiel sterk. De measte minsken dy't Fryske berneliteratuer makken, wiene op syn minst lid fan de Fryske Beweging. Faak sieten se yn in  
35 bestjoer of in kommisje."
- 7 "Nei 1950 is de basis foar Frysk ûnderwiis grutter; de leararen hoege dan it lesmateriaal net mear sels te meitsjen. Dan sjochst dat de bân tusken de berneliteratuer oan de iene kant en it ûnderwiis en de Fryske beweging oan de oare kant gau minder wurdt. Skriuwers krije dan júst in bân mei literêre organisaasjes. Foar 1950 is de Fryske Beweging hiel wichtich yn de striid foar  
40 Frysktalich ûnderwiis. As de basis dêrfoar lein is, is harren taak eins dien. Dat 'dien' is wol tusken skrapkes, want hielendal emansipearre is it Frysk yn it ûnderwiis fansels noch lang net."
- 8 "Yn 'e berneliteratuer giet it nei 1950 mear om it moaie fan it gedicht of it ferhaal as om de fraach wat je der fan leare kinne. It giet net bot mear om de taal as middel om in doel te berikken, mar folle mear om de taal sels.
- 45 'Tutte mei de linten' fan skriuwster Diet Huber fan 1955 kinst eins it omslachpunt neame. Sy hat niget oan it Frysk as literêre taal en skriuwt net mei it bewegingsideaal fan emansipaasje fan it Frysk. Trije jier letter ferskynde 'Juffer Kuorkebie' fan Tiny Mulder, ek in literêr berneboek, mar dan wat mear ferheljend, wat anekdoatysker. 'Tutte mei de linten' is puer in boartsjen mei taal."
- 9 "It is oerdreaun om te sizzen dat 'Tutte mei de linten' en 'Juffer Kuorkebie' ynsloegen as in  
50 bom, mar der waard yn dy tiid wol fuort opmurken dat it in omslach wie. Douwe Tamminga en Lolle

Nauta hawwe yn De Tsjerne beide boeken besprutsen. Dat wie foar it earst dat der yn in literêr tydskrift omtinken wie foar berneliteratuer. Nei dy earste kear is der yn De Tsjerne suver noait wer oer berneliteratuer skreaun. Berneboeken waarden blykber dochs net echt as literatuer besjoen.”

10 “Der moat wat langer wat mear Frysk lêzen en skreaun wurde. Dat bart ek, want it is, ek foar  
55 bern, tsjintwurdich al folle gewoaner om Frysk te lêzen as fyftich jier ferlyn. De Fryske tillevyzje hat  
wat dat oangiet in belangrike rol spile, mei Bear Boeloe, dêr ’t ek boeken fan ferskynd binne.”

11 “It skriuwen fan myn dissertaasje hat in striid west foar de emansipaasje fan it Frysk. Ik moast  
der spesjaal tastimming foar freegje om it yn it Frysk te skriuwen. Beheinst dyn lêzerspublyk der  
fansels wol mei. Dêr hawwe ferskate minsken my ek wol foar warskôge. Myn promotor, professor  
60 Verdaasdonk, sei lêsten: “Ik heb nu toch wel ontdekt dat het Fries een echte taal is”. Foar al dy  
oare minsken, dy’t it Frysk net machtich binne, is der in wiidweidige gearfetting yn it Nederlânsk en  
yn it Ingelsk.

Ik haw mei myn dissertaasje sjen litte wold dat it Frysk ek as wittenskiplike taal brûkt wurde kin.  
Wat dat oangiet, stean ik trouwens yn in tradysje: it earste Frysktalige proefskrift is al fan 1938,  
65 fan Douwe Kalma oer Gysbert Japicx.”

12 “Tagelyk wie it ek in striid foar de emansipaasje fan de berneliteratuer. Noch te faak wurdt dat  
net as echte literatuer sjoen, dêr’t je wittenskiplik mei dwaande wêze kinne. Ik haw tidens myn  
ûndersyk fernommen dat je soms net serieus nommen wurde. Mar it klimaat feroaret sa  
stadichoan wol.”

13 70 “It hat dus op twa punten in striid west. Om no te sizzen dat ik in swiere striid levere haw, klinkt  
wol wat al te kleierich. Hoewol: it wie soms wol sa.”

*nei in artikel fan Berber Bijma yn it Friesch Dagblad, 14 oktober 2000*